

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

Ynhâld

Maart 2026

| | |
|---|-------|
| Bêste kriteleden, freonen en stipers | 2/3 |
| Yn Memoriam | 4/5 |
| Útnoeging foar de grutte jûn mei it stik “De rollator revolúsje” | 6/7 |
| Ferslach lytse jûn mei Sippy Tigchelaar | 8/9 |
| Alle bern yn Fryslân moatte Frysk leare | 10/11 |
| Foto’s en ferslach Stamppotbuffet (pôtiten) | 12 |
| Útnoeging foar de 102e Algemiene Gearkomste fan it Boun | 13 |
| Wurklist en Ledeberjochten | 14/15 |
| Frysk Folksliet | 15 |
| Bestjoer Fryske Krite Hoarn | 16 |

KvK. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL 54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Oan ús kriteleden, freonen en stipers.

Hwat giet de tiid dochs hurd, samar is dêr de datum om de kopy nei Paul te stjoeren.

In nij jier is ynset en doe hiene wy ús stampot buffet. In tige slagge middei op 10 jannewaris yn de Witte Valk yn Zwaag. It iten wier hearlik en de pannen wierne skjîn leech. Der lei wol snie, mar elts koe goed yn Zwaag komme.

En no hawwe wy 14 dagen genietsje kinnen fan iis en snie mei de O.S. yn Italië. De Friezen diene it tige bêst, mei al dy gouden plakken. No noch sjen nei de paralympix. Grut respekt, wat dizze minsken mei harren handicap prestearye. Hwat in trochset.

Mar hjoed, 25 febrewaris, wie it in prachtige maitiidsdei mei moaie, blauwe loft en folle sinne. Dat is genietsjen en it kostet neat. Allinne in fleurich sin.

En dan koene wy freed allegearre harkje nei Sippie Tigchelaar. Dat wie in moaie joun, jimme kinne der oer lêze yn it ferslach fan Jan Vogel.

Op 21 maart, om 20.00 ûre, is dan alwer de lêste grutte joun. De Lytse Kommeedzje út Drachten komt dan mei it stik: "De Rollator Revolúsje". Mear oer te lêzen, fiederop yn it boekje. Kom dizze 21ste maart allegearre nei de Huesmolen yn Hoorn. Mei de ferlotting binne der wer mooie priizen to winnen. En wat is no 5 euro foar 10 lotten en altyd in priis!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!! Dinie soarget alle kearen mar wer foar in moaie folle tafel.

Yn dit nije jier is ús ek in trou lid ûntfallen. Sjoerdsje Slange-Postma, 90 jier âld, ferstoar op 22 jannewaris. Sa is it libben sa brêkber. Samar feroaret it libben ek foar Popke en de bern.



As wy 28 maart de gearkomste fan it boun hawwe, binne der wer minder Fryske krite om ú tens. Der binne noch 8 krite mei totaal 584 leden. Dat binne 3 krite minder as yn 2025.

De krite krije der hast gjin nije leden by. En ek om in bestjoer foltallich te krijen, falt net ta. Lokkich is ú krite noch aerdich beset mei 5 bestjoersleden.

Eartiids wiene der hiel hwat mear krite. De nammen lykas “Fier fan hûs” en “ú memmetael” sprieken fan langstme nei Fryslân en de Fryske tael.

Yn dizze tiid is dat hiel oars mei de auto, social media en neam mar op. Dêrom komme der eins gjin nije leden en de jongeren fiele der neat foar. Spitich, mar sa is de tiid. Wy geane noch efkes troch.

Op nei it 115 jierich bestean fan de Fryke Krite "Troch de Tael Forboun". Wy jouwe der it kommende winterskoft omtinken oan.

Dit is alwer it lêste boekje fan it winterskoft 2025/2026.

Wy, as bestjoer, hoopje dat jimme moaie jounen hawn hawwe.

Wy dogge ú bêst, om nei de simmer ek wer moaie jounen foar jimme to finen.

As wy dan 21 maart ú lêste joun hawn hawwe, binne de dagen alwer aerdich oan it langjen. Mar earst nei de grutte joun, 21 maart yn de Huesmolen.

Sterkte foar dyjinge wer't net alles like maklik is. Jimme hawwe soms wolris in kaertsje nedich om op te fleurjen.

Jou it troch oan it bestjoer, wy hearre en witte net alles.

Ta beslút winskje ik, ek mei út namme fan it bestjoer, eltsenien in moaie maitiid en in goede simmer.



Tiny Dijkstra - de Vries

Yn Memoriam

*Grutte grize fûgel
kinsto my ferstean
no't de bleden falle
wol ik mei dy gean
de kâlde keale winter
stiet wer foar de doar
lit my sûntsjes sjonge
yn jim fûgelkoar
ik wol de kjelt ferjitte
de lange winternacht
ik sil dy lyk beleanje
foar dizze lytse fracht
lit my moarn mar glide
op in blommenwein
sterke grutte fûgel
nim my, nim my mei.*



**Oantinken oan
Sjoerdsje Slange Postma.**

Tongersdei 22 jannewaris ferstoar **Sjoerdsje Slange Postma**.

As bestjoer skrokken we, dat it sa gau gien wie. Ommers op de joun fan ús stampot buffet joegen wy Popke de groetnis mei út de seal. It wier 14 dagen letter en doe moasten wy foar altiid ôfskie nimme. Sjoerdsje hat folle jierren efter ús ponghâlder Popke Slange stien. Mar foaral wie hja fanôf it begjin spylster by ús kritetoaniel. Jierrenlang hat se spiele mei Tiny Hemke, Douwe Hoekstra, Harmen Dijkstra en al dy oaren. Folle stikken spiele, mar foaral de rol yn de Heidepyk wie har hichtepunt. 40 jier hawwe se ús en folle oare kriteren, moaie jounen besoarge. Mar hwat hawwe se meielkoar ek in protte wille hawn. De reis nei de fryske kriteren yn Kanada wie in hichtepunt.

Sjoerdsje hat ek jierren de priizen foar de lotterij fersoarge.
Foar alle leafde foar de Fryske krite" Troch de Tael Forboun" sizze
wy tank. Folle tank. Wy winskje Popke, de bern en bernsbarn in
soad sterkte ta.

*Alles is sa brêkber
Alles ûnfolslein
Tûzen wurden sprutsen
en der is neat mei sein.*

Tiny Dijkstra - de Vries

Soms langje ik
nei de stilte
en winskje ik my
alle tiid fan 'e wrâld

Soms langje ik
nei rêst en kalmte
hoefolle ik ek
fan jim hâld

mar as jimme der dan
echt net binne
en it stil is
yn 'e hûs

dan mis ik jim
fan hjir oant de moanne
en tink ik
o, wienen se mar wer thús

Deuwke van der Meer



hert
&
man

Ek krigen wy berjocht dat **Gerrit
Stroosnijder** is ferstoarn.

Hy hat jierren behearder west yn de
Huesmolen.

Der wier altyd in goede ferhâlding en
der koe alles.

Wy tinke tankber oan him werom.

Fierders liesen wy yn e krante dat ús lid
Petra Velthuis út Twisk is ferstoarn.

Wy winskje de bern sterkte mei it
ferlies.

Ferslach fan de lytse jûn mei Sippy Tigchelaar.

Freed, 27 febrewaris, kaem Sippy Tigchelaar nei Hoarn. Foar sa'n 25 minsken hat hja oan it fertellen west. Ferhalen dy't hja optekene hat yn har boek "Schippers vrouwen. Verhalen boven water". Hja hat dit boek skreaun yn gearwurking mei Alice Booij. It is yn it Hollânsk om't in protte fan de skippersminskten gjin Frysk sprekke.

Nei in wolkom wurdasje fan 'e foarsitter sette Sippy útein. Wa is hja? Hja waard fjirde op 'e 3000 meter by it reedriden foar froulju by de OS yn 1972 yn Sapporo. Hja hat ferskate jierren wurke as ferslachjouwer by de NOS en Omrop Fryslân en ek noch foar omrop MAX. Klaas Jansma en Sippy ha sa'n 35 jier it skûtsje silen ferslein. Sûnt 2015 is Sippy foarsitter fan de stifting "Foar de neiteam". Dizze stifting is dwaende mei it dokumintearjen fan historyske feiten fan rom 800 skûtjes.



En no dan it boek. Op in fraach

fan Sippy docht bliken dat gjin ien yn 'e seal berne is op in skûtsje.

Inkelden ha wol famylje dy't mei in skûtsje te dwaen hiene. (In pake, in mem) Sippy hat, yn 'e rin fan de tiid, mei 15 froulju in petear hawn.

Inkelden libje nog mar binne ûnderwilens ek al 90+.

Alle 15 binne op in skûtsje berne. Mar de omstannichheden wiene net lyk. Guon giene nei de skippersskoalle (bygelyks yn Snits) en hja wennen dan yn in kosthûs en seagen har heit en mem dan allinne yn 'e fekânsje. En dat ferskate jierren efter inoar. De bern nei in kosthûs stjoere wie net foar eltsenien weilein. It koste in pear sinten en dat koene de measte skippers net betelje. Oaren bleaune op it skip en as der fracht ynnommen waard giene hja inkelde dagen nei de skoalle yn doarp A. Krekt wer't hja dan wiene. Soms in wike farre ear't de fracht lost wurde koe. Dan wer inkelde dagen nei de doarpskoalle yn doarp B. As in skip mear as twa dagen yn in doarp lizzen bleau wie de skoalle ferplichte om de skippersbern les te jaen! Net alle skoallen hâlden hjir fan. De skippersbern waarden faak neisjoen en beskimpt. Hja koene wol efter in de klasse sitte want moarn of nije wike wiene sy dochts wer fuort.

En gauris moasten de bern al fanôf in jier of 8 meihelpe op it skip. Bygelyks yn 'e beage of line as der gjin wyn wie om te silen. Dat sparre in feint út.

De skipkes wiene mar lyts wylst de húshâldings faak grut wiene. It keamerke mei in tafel, in pear stuollen en in kachel wie bytiden mar efkes mear as 2 by 2 meter! Hjir waard troch de skippersfrou iten sean en wasken, boarten de lytse bern op de groun. Hjir waard ek iten . Yn 'e kont fan it skûtsje siet in lytse bedstee foar heit en mem. Yn 'e durk (foarûnder) sliepten de bern mei har twaën yn in koai. Der wiene twa koaien. Der koe ek noch wol in bern op 'e groun sliepe as it sa út kaam. Waerm en near dat it simmerdeis wie! Foaral as it reinde en stoarme en it lûk net iepen koe.

De skippersfrou wie fan alle merken thús. Neist de húshâlding dwaen, stie hja faak oan it roer of fok, roun yn 'e beage as der gjin wyn wie en hja holp mei it lossen fan 'e fracht . De skippersfroulju wiene tige "multi tasking". "Mem die mear as heit" en "Heit wie de baas, mar mem wie de skipper"

hat Sippy yn har boek optekene.


Winterdeis koe it barre dat in skûtsje inkelde wiken ynferzen wie. Om dochs wat te fertsjinjen diene de skippers en harren froulju faak mei oan reedriden en koene dan wat jild winne. Inkelde kearen wie de haedpriis in (gouden) earizer of in gitten keatling. Soms kaem de winner thús mei in side spek. As der snie op 'e baan lei wie de skipper ek wol baanfager om in pear sinten te fertsjinjen. Yn 'e winter koene de skipper en de skippersfrou ek op besite by harren sibben om't die ek ynferzen wiene.

Ek vertelt Sippy fan in brêgewachter dy't

oan in skipper fertelle moast dat syn heit stoarn wie. Want der wie gjin "mobieltsje" om mei de famylje te skiljen.

Skippers en harren bern hiene faak minder kânsen dan de minsken fan 'e wâl.

It is al nei tsienen as Sippy der in ein oan breidzjen giet. De minsken yn 'e seal ha in noflike jûn hân. Sippy is een smoute prater.



Jan Vogel

Útnoeging foar de Grutte Jûn
op 21 maart 2026

De Lytse Komeedzje spilet “De rollator revolúsje”



De Rollator Revolúsje giet oer âldereinhûs de Takomst en is ûntstien út in fúzje tusken twa lytsere tehúzen: it sjike rêsthûs Edelburcht en it folkse âldereinhûs de Plets. Dizze fúzje rint net bepaald posityf. De bewenners kinne elkoar net luchtsje of sjen en in freeslike direktrise weeft der mei ôf. Mar as in mysterieuze âldere hear der komme wol te wenjen slaan de frouljusherten hielendal op 'e rin. It mei dúdlik wêze dat fan in rêstiche âlde dei gjin sprake mear is

In komysk bijspul wurdt spile troch de akteurs fan de Lytse Komeedzje út Drachten.

It stik is skreun troch Maurits Keyser.



It stik wurdt spile op ús fertroude lokaasje yn
Wijkcentrum de Huesmolen

Adres: de Huesmolen 60, 1625HZ Hoorn

It begjint om 20.00 oere en de seal is iepen fan 19.30 oere ôf.
De Tagongspriis is €7,50 foar leden en €15,00 foar net-leden.

**Yn it skoft wurdt in ferlotting hâlden.
Altyd priis!**

Alle bern yn Fryslân moatte Frysk leare

Alle bern dy't yn Fryslân nei skoalle geane, moatte Frysk leare, hat de Provinsjale Rie ienriedich besletten.

Memmetaal

Hoe kin ik sizze wat ik fiel
en fiele wat is sis
as de klanken dy't ik brûk
myn memmetaal net is.
Myn taal dy komt fan
klaai en wetter.
It draacht myn tinzen,
jout my rêst.
As ik ferdwaal
yn frjemde wurden
hâldt it Frysk
my fêst.

Dieuwke van der Meer



heit & mem

Fanôf 1 augustus fan dit jier moatte alle learlingen yn basis- en middelbere skoallen leare om "de Fryske taal aktyf te brûken", meldt Omrop Fryslân. Learlingen moatte harsels ek ûntwikkelje as "bewuste dielnimmers oan de Fryske kultuer". Dit beslút is net ûnferwachts. Yn 2016 stelde in ûndersiker út Nijmegen dat de Fryske taal oan it ferdwinen wie.

It Nederlânsk wûn terrein, benammen yn stedske gebieten, om't in protte Friezen dêr relaasjes oangiene mei partners "fan bûten" dy't faak gjin Frysk prate. It oantal bern dat thús Frysk praat yn 2016 wie mear as 30 prosint, wylst dit bûten hûs 22 prosint wie.

Foar in protte Friezen wie it ûndersyk in klap yn it gesicht, konkludearre it televyzjeprogramma Nieuwsuur doe. Foar de provinsje, dy't al lang soargen hie oer it ôfnimmende gebrûk fan it Frysk, wie dit in ekstra reden om aksje te ûndernimmen.

Unyk en histoarysk

Fryslân hie it foardiel dat it de ienige provinsje yn Nederlân wie dy't har eigen kearndoelen foar ûnderwiis bepale kin.

"Se makken in útsûndering foar Fryslân.

Dat is unyk, histoarysk, en sil fêstlein

wurde," sei Gerben van der Mei,

Twadde Keamerlid foar de Fryske

Nasjonale Partij (FNP).

Uteinlik binne yn oerlis mei

ûnderwiisparaplû-organisaasjes en

skoallen fiif kearndoelen foar it ûnderwiis

yn Fryslân fêststeld. Bygelyks moat elke

skoalle "in rike Fryske taal en learomjouwing" biede, learlingen

moatte de Fryske taal brûke, en ûnderfining opdwaan mei "Fryske

taalútdrukking."

Proeffaze

Dat klinkt miskien wat abstrakt, mar it is maklik te berikken, neffens

de provinsje. "Nei in proeffaze waard dúdlik dat de skoallen posityf

binne oer de nije kearndoelen en der goed mei gearwurkje kinne."

Yn prinsipe sille de nije doelen fanôf takom skoaljier yn wurking

gean, mar de provinsje jout skoallen oant it skoaljier 2030-2031 om

de nije kearndoelen folslein yn har kurrikulum op te nimmen.

Bron: Omrop Fryslân





Stamppotbuffet (pôtiten)

It wie in moaie middei yn De Witte Valk yn Zwaag en it iten smakke tige goed. Hutspot en soerkoal mei in balle gehak of in stik woarst, in stoofparke en stokbôle mei krûdebûter. Wy koene wat te drinken bestelle by in aardige frou fan 'e betsjinning en it seach der allegearre gesellich út.

Nei ôfrin noch in bakje tee of kofje en doe giene wy wer foldien nei hûs.



Utnoeging foar de 102^e Algemeine Gearkomste

Op sneon 28 maart 2026, yn' t Doarphûs Ugchelens Belang,
Bogaardslaan 81 7339 AN Ugchelen.

Middeis hâlde wy de **Moetings en Ynspiraasjemiddei**, wêrfan it earste diel troch it Boun organisearre wurdt en it twadde diel troch de gastkrite 'Fier fan Hûs'.

It programma fan de dei sjocht der sa út:

- 10.00 oere: Ynrin en ûntfangst troch gastkrite "Fier fan Hûs" fan Apeldoarn mei in kopke kofje of tee en in stikje oranjekoeke
- 10.30 oere: Algemeine Gearkomste
- 12.15 oere: Lunsj (kosten lunsj €16,50)
- 13.00 oere: **Moetings en Ynspiraasjemiddei**
Presintaasje troch Teade de Boer fan it Agrarisch Natuurfonds Fryslân yn de lytse seal
- 14.45 oere: Skoft - drinken út eigen bûse
- 15.00 oere: Toaniel: De Lytse Komeedzje mei "De Rollator Revolúsje" yn de grutte seal - yntree Euro 20,=
- 17.40 oere: Ein fan de dei
- 18.00 oere: Foar dejinge dy't wol: waarm en kâld buffet - kosten Euro 25,50

Opjaan foar dizze dei kin by ús skriuwer Jan Vogel foar 14 maart
Till.: 0229-234012

Ledeberjochten:

De wurklist foar de kommende tiid sjocht der sa út:

| | |
|-----------------------|-----------------|
| 21 maart 2026: | Grutte jûn |
| 25 septimber: | Jiergearkomste |
| 24 Oktober: | 1ste Grutte jûn |

De gearkomsten fan de krite wurde hâlden yn
Wijkcentrum De Huesmolen, De Huesmolen 60, 1625HZ Hoorn.
Tel: 0229-234390

Lidmaatskip en Tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is €15,00 foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden €7,50 en foar net leden €15,00. De lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinnen jo dwaan by de ponghalder, Popke Slange.

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne de sealpriis winne as jo yn e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmmer dat kâns jout op de sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen besteane út in blomke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinnen yn it skoft lotten keapje. Ien pakje fan 10 lotsjes foar €5,00. Altyd priis.

Autoferfier:

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinnen kontakt opnimme mei ús skriuwer Jan Vogel
Till.: 0229-234012

Lief en Leed:

Lief en Leed berjochten kinne jo trochjaan oan ien fan de leden fan it bestjoer.

Boeketafel

Op de grutte jûnen stiet de boeketafel altyd foar yn de seal. Der lizze in protte moaie, soms sels nije, Fryske boeken op.

Foar mar € 1,00 kinne jo in boek meinimme. Fansels meie jo ek mear donearje. Jo dogge it jild yn 'e bus op e tafel. Wy neame de bus de leaf- en leedpot.

De opbringst wurdt brûkt om Krite-leden dy't it nedich hawwe in 'hert ûnder de riem te stekken' troch in kaartsje te stjoeren.

As jo it boek lêzen hawwe, kinne jo it ek werom sette, sadat in oar it nochris lêze kin. Op dizze manier hâlde wy it bedrach yn de leaf en leedpot op peil.

Tige oanrikkemandearre!



FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.

*Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!*

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Refrein:

Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

Ponghâlder en Lede-administraasje: Popke Slange
Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkrenske@gmail.com

Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 06-30514660
e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.nl

Eareleden: Popke Slange

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn

Redaksje Krantsje: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Paul Burggraaff
Till.: 06-53211437
e-mail: pc.burggraaff@quicknet.nl